

FRYSKE AKADEMÝ

Jierrekken 2023



INHALDSOPJEFTE	pagina
Ferantwurding	3
Algemiene ynformaasje	4
Ferslach fan it bestjoer	5
Ferslach fan de Rie fan Tafersjoch	13
Jierrekken 2023	14
Balâns per 31 desimber 2023	15
Steat fan Baten en Lësten oer 2023	17
Kasstream oersicht 2023	19
Taljochting op de balâns per 31 desimber 2023	23
Wet Normearing Topynkommens	
Oare gegevens	24
Kontroleferklearring fan de ûnôfhinklike akkountant	25

FERANTWURDING

ALGEMIENE YNFORMAASJE

1. Misje, kearntaken en organisaasjestruktuer

1.1. Misje

Sûnt har oprjochting yn 1939 set de Fryske Akademy him yn foar it fûneminteel en tapast wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, skiednis en kultuer. Al 85 jier lang is dizze opdracht, dy 't de Fryske mienskip it ynstitút by de stichting mei jûn hat, noch altyd liedend. It is de taak fan de ûndersikers fan de Fryske Akademy de dynamyk fan taal en fan sosjale en histoaryske prosessen te analysearjen. Dat dogge sy troch ûndersyk te dwaan nei de Fryske taal, meartaligens, taallearen en it ferline fan Fryslân. De Fryske Akademy makket it skreaune, sprutsen en histoarysk erfgoed tagonklik foar wittenskip en maatskappij. Troch langrinnende prosessen oangeande taalfariaasje en -winning, meartaligens, kulturele eigenheid en identiteitsfoarming te ferklearjen, úntstiet in better begryp fan it ferskaat fan minsklike ynteraksjes binnen in spesifieke regionale kontekst. De Fryske Akademy bliuwt stevich yn de regio ferankere en dielt har kennis mei tal fan wittenskiplike ynstellingen en maatskiplike partijen yn binnen- en bûtenlân.

1.2. Kearntaken

De wichtichste taak fan de Fryske Akademy is it dwaan fan fûneminteel wittenskiplik ûndersyk op de fakgebieten taalkunde, sosjolinguistyk, leksikografy, meartaligens en tallearnen, minderheidstalen, it Ald-Frysk en de skiednis en it erfgoed fan de midsiuwen, de iermoderne tiid, de nijste tiid en de ynteraksje mei it lânskip. Yn dat ûndersyk spilet de ICT en de úntwikkeling fan digitale helpmiddels en kolleksjes in hieltyd wichtiger rol.

Yn it ferlingde hjirfan kinne de neikommende kearntaken ûnderskieden wurde:

- Aktive dielname aan it ynternasjonale wittenskiplike debat troch it leverjen fan heechweardige publikaasjes en dielname aan kongressen en sympoasia.
- Bydrage aan it behâld en it befoarderjen fan it Frysk as twadde rykstaal.
- Kennisfergaring en kennisdieling oangeande de Fryske taal, kultuer en skiednis foar maatskiplike partijen.
- It starten en oangean fan gearwurkingsferbannen mei de regionale kennisynstellings en mei universiteiten en ûndersyksynstituten yn sawol binnен- as bûtenlân.
- It úntwikkeljen fan gearwurkingsferbannen mei oerheden yn regio's mei in minderheidstalenproblematyk.
- It dwaan fan opdrachtûndersyk foar de úntwikkeling fan regionaal- en Europeesk oerheidsbelied.
- It oanlijzen en ûnderhâlden fan digitale kolleksjes oangeande it Frysk sprutsen en skreaune erfgoed.

1.3. Organisaasjestruktuer

De Fryske Akademy is by ministerieel beslút liearre aan de KNAW. De lieringoerienkomst slút oan op de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) 2019-2023 tusken Ryk en Provinsje.

As selsstannige stichting besikt de Fryske Akademy oer in Rie fan Tafersjoch en ûndernimmingsried. De direkteur-bestjoerder is einferantwurdlik en hat de deistige lieding fan it ynstitút. Sy wurdt déryn advisearre trocht in management team.

De stichting Fryske Akademy hat sûnt 1-1-2008 de ANBI-status.

2. Ferslach fan it bestjoer

2.1. Algemiene úntwikkelingen

Oan't ferline jier hat de Fryske Akademy altyd de (finansjele) ferslachjouwing en ferantwurding yn 't Nederlânsk ôflein. De Anbiwt skreau foar dat saken iepenbier tagonklik binne foar wa't dat lêze wol, ek foar net Frysktaligen. Yn 2023 hawwe de Ryksoerheid en provinsje Fryslân ôfpраат dat 'Algemeen Nut Beoogende Instellingen' yn Fryslân harren tenei yn 't Frysk ferantwurdzje kinne by de Belestingsinst, súnder harren ANBI status te ferliezen. Om't Frysk ús fiertaal sil tenei de jierrekken yn it Frysk opsteld wurde. Dit jier noch net hielendaal. De algemiene ynformaasje en de ferslagen fan de Direkteur-Bestjoerder en de Ried fan Tafersjoch binne yn't Frysk.

It jier 2023 ûnderskiedt him foaral as in goede fuortsetting fan ynsette paden út 2022. Yntern hat de oandacht benammen rjochte west op it fanút it Strategysk Beliedsplan trochûntwikkeljen fan de organisaasje. Ekster hat de oandacht west op it rapport fan de KNAW-kommisje oer de Frisistyk, dat yn desimber yn konsept ferskynd is. It rapport jout perspektyf oan de gearwurking op it mêd fan de Frisistyk, en beneamd déryn de positieve en wichtige posysje fan de Fryske Akademy as kearnspiler, mei advizen oan har finansiers. Dit sil yn 2024 fierder útwurke wurde.

De oandachtsgebieden profilearring, akwisyssje, organisaasjeûntwikkeling en gearwurking ha fierder foarm kriegen. Foarútrinnend op it 85 jierrich bestean fan de Fryske Akademy op 10 september 2023 is der úteinset mei in regelmjittich opsykjen fan sosjale platfoarms om de Fryske Akademy him sels mear sjen teitten. Kongressen waarden organisearre, lêzingen waarden jûn mar ek de nasjonale parse wist de Akademy hieltyd faker te finen foar nijs gjirrige ûnderwerpen.

Tidens de Akademydei is de ûndersyksaginda 2023 -2027 presintearre, dy't mei in oantal 'flaggeskippen' de keartaken fan de Fryske Akademy; taal, skiednis en kultuer op in moaie wizen ynelkoar gripe lit. In aginda dêr't de Fryske Akademy de kommende jierren mei foarút kin, en dy droegen wurdt troch it personiel en ús partners.

Mei it oanlûken fan de MT-funksjonaris Koôrdinator Undersyksfinansearring en Strategyske Gearwurking (KUSG) yn desimber 2022 is der in sintraal plak úntstien dêr't op saakkundige wize sjoen wurdt nei projekten en de derby hearrende of winske finansiering. Dizze kollega hat fanôf healwei oktober 2023 ek de direkteur-bestjoerder waarnommen tidens har swangerskips- en befallingsferlof. Hjirtroch bleaune alle dossiers goed únder de oandacht en koe der noch it nedige oan finansearringsfersiken útset wurde.

Yn septimber is der in meiwurkerstefredenheidsûndersyk holden om te sjen hoe't de Fryske Akademy der foar stiet as organisaasje mar ek om in fergelyk te meitsjen mei ynstitút as de KNAW. De resultaten binne yn oktober presintearre en de útkomsten hjirfan wurde op it stuit troch it management fertaald nei in oanpak foar in teambuildingsdei yn april 2024.

It management tiim en Personiel en Organisaasje binne mei stipe fan spesjalisten fan FERS begûn mei in Strategyske PersonelsPlanning (SPP) dat de kommende tiid sicht jaan moat op de ynfolling fan personielsynset-fraachstikken.

Om't blyken die dat organisatoarysk it platter meitsjen fan de organisaasje dochs wol in oare warkwize frege dan't nei de reorganisaasje ynset wie, is der nei lang beried besletten oer te gean nei it opdielen fan liedingjaan yn in hiérargysk en funksjoniell diel, sadat ek by deistige, ynhâldlike fragen op in snellere en adekwatere wize stoerd wurde kin op de organisaasje. Dit helpt om de ferantwurdlikens leech yn de organisaasje te lizzen en gearwurking te befoarderen. De ymplementaasje sil plak fine fanôf jannewaris 2024.

Troch in ynterne kommisje en yn oerienstemming mei de wittenskiplike kommisje fan de Rie fan Tafersjoch en it KNAW-bestjoer, is wurke aan de tariedings fan de fisitaasje dy yn it foarjier fan 2024 plakfine sil. De ynterne kommisje leit har ta op it skriuwen fan in selsevaluaasje, dy't yn maart 2024 oplevere wurde sil.

De Rie fan Tafersjoch is yn 2023 follein yn oantal en is neffens fêstelein skema by inoar kommen.

2.2. *Wittenskipplike úntwikkelingen*

Op de Akademydei fan acht septimber 2023 is de nije Undersyksaginda fan de Fryske Akademy foar de perioade 2023 - 2027 offisjeel lansearre. Oan it ta stân kommen fan dizze aginda gie in lang en yntinsyf trajekt foarôf.

Yn neifolging fan de beslissingen dy 't híj yn 2021 oer nommen binne, wurdت yn de nije ûndersyksaginda de tradisjonele twadieling tusken taalkundich en histoarysk ûndersyk ferfongen troch in ynterdissiplinêre en better yntegrearre fyzie op de bestudearring fan de 'Fryske casus'. De fjouwer tematyske kearngebieten dy 't yn augustus 2021 formulearre binne, hawwe yn de rin fan it proses úteinlik foarm kriegen yn trije oerkoepeljende en foar in part oerlapjende ûndersyksgebieten, te witten: 'Skiednis en erfgoed', 'Taal en meartaligens' en 'De minske en syn omjouwing'. It programma is fierder útwurke yn de foarm fan sâns spesifieke ûndersykstema's dy 't harren meastal op it snijflak tusken twa of mear fan de neamde ûndersyksgebieten befine, om sa de ynterdissiplinariteit te befoarderjen en brégen te slaan tusken it skiedkundige en it taalkundige ûndersyk.

No 't de aginda fêststeld en lansearre is, wurdت der hurd wurke oan de ymplemintaaje en fierdere útwurking dêrfan. Sa foarmet de aginda de basis foar de fernijing fan ús website en fan ús strategysk personielsbelied. Boppedat waarden yn 2023 de bannen mei de ferskate warkferbannen fan de FA opnij oanhelle om sa *citizen science* te befoarderjen en wer in prominent plak te jaan binnen de aktiviteiten fan de Akademy. Ek waard der oansluting socht mei de Nasjonale Wittenskipsaginda en mei de doelstellings fan it Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer (GFTK).

Fierder hat in yntern tiim him yn 2023 dwaande holden mei de tarieding fan de fisitaasje yn juny 2024, wêrby 't it Strategy Evaluation Protocol (SEP 2021 -2027) folge wurde sil. Under dizze tarieding falt ûnder oaren it opstellen fan in wiidweidige selsevaluaasje, dêr 't de balâns yn opmakke wurdت fan alle ûntwikkelings binnen de Akademy sùnt 2020.

Wittenskiplike stêf

De omfang fan de wittenskiplike stêf berûn ein 2023 18,3 fte, wêrfan 7,9 fte fêst en 10,4 fte tydlik.. Dérneist wie der 10,0 fte stypjende ûndersyksstêf (WOP) en 5,8 fte stypjend behearspersoniel..

Publikaasjes

Yn totaal is der oer it jier 2023 sprake fan 85, troch meiwurkers fan de Fryske Akademy, fersoarge publikaasjes, wêrfan 52 wittenskiplik en 33 maatskiplik fan aard. Hoewol 't dit getal leger leit as dat fan ferline jier, binne der dit jier gâns mear peer-reviewed wittenskiplike artikels ferskynd as yn 2022 (30, yn ferliking oan 23 yn 2022), wylst it tal wittenskiplike haadstikken yn boeken krekt omleech gien is neffens foargeande jierren. It tal maatskiplike publikaasjes, sawol popularisearjend as profesjoneel, is hast gelyk bleaun (33, tsjinoer 35 yn 2022) en befynt him dus op it peil fan 2020, fóár de tebekfal yn 2021.

De taname yn it tal wittenskiplike publikaasjes kin noch hieltyd sjoen wurde as in ynhelslack nei de jierren fan de coronapandemy, wêryny 't inkeld ûndersiken dêr 't minsken fysyk diel oan nimme moasten net plakfine koene. Yn de coronapandemy bleaune artikels boppedat faak op it buro fan reviewers en editors lizzen, dy 't no oppakt binne.

It persintaazje kosteelas tagonklike online *open access*-publikaasjes is yn 2023 omheech gien fan 69% nei 71% fan de totale output. Dizze positive ûntwikkeling kin sjoen wurde as in wichtige stap yn it ferwêzentlikjen fan ús doelstelling om safolle mooglik fan ús publikaasjes foar in sa grut mooglik publyk tagonklik te meitsjen.

Wanneer de research output ôfsetten wurdت tsjin it trochsneed tal fte yn 2022, dan binne der per wittenskiplike fte gemiddeld 4,0 publikaasjes útbrocht, werfan 2,7 as peer-reviewed artikel. Dérmei hawwe wy ús ambysje fan gemiddeld trije publikaasjes per fte realisearre.

Lêzingen

Yn totaal hawwe meiwurkers fan de Fryske Akademy dit jier 131 kêzingen fersoarge, wêrfan 88 wittenskiplik en 43 maatskiplik. Dit oantal leit wat leger as dat fan 2022, doe 't der yn totaal 148 (wêrfan 99 wittenskiplik en 49 maatskiplik) fersoarge waarden. Dizze lichte tebekfal kin ferklearde wurde út it feit dat yn 2022 in soad konferinsjes en kêzingen plakfûnen, dy 't fanwege de pandemy fan de foargeande jierren útsteld wiene, njonken de eveneminten dy 't sawiesa al pland stiene foar 2022. Dy ynhelslack wie yn 2023 foarby, wêrtroch 't it tal kêzingen wat leger útfalt. Lykwols, it nivo fan fóár de coronapandemy (2019) mei yn totaal 66 kêzingen (wêrfan 48 wittenskiplik en 18 maatskiplik) waard ek yn 2023 rom helle.

Kongressen

Op 21 april hat der wer in Sieperda-symposium west, mei dit jier as tema ‘2000 jier Friezen en har lânskip’. Dit jier fierde we de 2000ste bertedei fan Plinius de Aldere (23 nei Kristus-79 nei Kristus), dy’t as ien fan de earsten it Waadlânskip beskreau. Ta gelegenheid dêrfan organiseerde it Keninklik Frysk Genootskip, de Fryske Akademy en Tresoar dit symposium, wêrby de dynamyk tusken lânskip, natuerbelibbing en identiteit yn histoarysk perspektif set en út ferskillende gesichtspunten wei beljochte waard. Dat dit tema ta de ferbylding sprekt, die wol bliken út de grutte opkomst. Yn de Gysbert Japicx seal fan Tresoar waarden de harkers traktearre op seis lezingen dêr ‘t ûnderskate aspekten fan it tema yn behannele waarden. Oan de Fryske Akademy liearre sprekkers wiene Han Nijdam, Mark Raat en Simon Halink. De lezingen binne opnaam yn it jierboek *De Vrije Fries* 2023.

De Ostfriesische Landschaft en it Niedersächsisches Landesarchiv (Abteilung Aurich) organiseerden, yn ‘e mande mei de Fryske Akademy, op 28 septimber in symposium oer (East-)Fryske identiteit. Dit barde yn it Landschaftsforum fan de Ostfriesische Landschaft yn Aurich. Sawol de Eastfryske as de Westerlauwers-Fryske identiteit kamen dêrby aan bod.

Projekten

Yn 2023 binne der 25 ekster finansiere projekten by de Fryske Akademy yn útfiering. Dizze rinne allegear goed en neffens skema. Yn 2023 hawwe ek ferskate ûndersikers de mooglikheid kriegen om harren op wittenskiplik nivo troch te úntwikkeljen op de Provinssiale ‘Ympulsmiddels’. Dy middels hawwe as doel om wittenskiplik talint, dy ‘t oan it begin stean fan harren karrière, in kâns te jaan ta trochhûntwikkeling en om de wittenskiplike kapasiteit fan de Fryske Akademy te fersterken. Dizze ‘early career’ ûndersikers hawwe yn 2023 aktyf west op ferskate ûndersyksprikten, lykas: *Digitaal Ynfrastruktuur, Taalgebrûk yn Fryslân, Meartalige Geletterdheid en Laboratorium Sociolinguïstiek*.

De folgjende projekten binne yn 2023 ynhalidlik suksesfol ôfrûne:

- It **Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek (ONFW)** hat ek dit jier in ynheslach makke en is yn 2023 formeel oplevere aan de Provincie.
- **COLING:** Dit projekt befoarderet en úntwikkelet duorsume maatregels foar taalrefitalisearring en -underhâld. It projekt wurdt finansiere yn it ramt fan de Marie Skłodowska-Curie RISE-regeling. It projekt biedt ûndersikers en net-akademyske belanghawwenden de mooglikheid om kennis út te wijselen en harren krêften te bondeljen by it ymplemintearjen fan duorsume maatregels foar taalrefitalisearring en -underhâld.
- **Sealterfrysk:** Op de grammaticawebsteed taalportaal.org is súnt woansdei 13 desimber 2023 in Ingelsktalige grammatica fan it Sealterfrysk beskikber.
- **Rapport DINGtiid:** Mercator hat foar DINGtiid in update fan harren rapport “De ymplemintaaasje fan it Europeesk Hânfest foar Regionale en Minderheidstalen yn Nederlân” makke nei oanleding fan de sânde rapportaazje fan de Committee of Experts dat yn febrewaris 2023 publisearre is. Harren kommintaar is no ferwurke en lykas yn eardere ferzjes fan dit DINGtiid rapport hat Mercator ferskate blysunderheden op in rychje set.
- **Frisistiek.nl:** De Fryske Akademy en de redaksje fan Neerlandistiek.nl hawwe, Frisistiek.nl, in nij online tydskrift wijd oan Fryske taal- en letterkunde lansearre. It wurdt in útwreiding fan it suksesolle Neerlandistiek.nl, in website dy’t it midden hâldt tusken in wittenskiplik tydskrift en in kenniswebsite foar in lekepublyk.
- **New Speakers project:** Dit projekt rjochtet him op nije sprekkers fan it Frysk yn de provinsje Fryslân. De dielnimmers binne 264 folwoeksenen, dy ‘t in taalkursus Frysk folge hawwe by de Afûk (Algemene Friese Onderwijs Commissie). Troch in fragelist waarden kwantitatieve en kwalitative gegevens sammele oer de motivaasjes fan dy nije sprekkers om Frysk te learen, harren hâlding tsjinoer de taal, harren ideologyske evaluaasjes fan de ferskate fariaasjes en de patroanen fan it taalgebrûk. De útkomsten fan it projekt binne beskreau yn trije wittenskiplike artikels, dy ‘t alle gear gean oer de ymplikaasjes fan de útkomsten foar mooglike taalplanningmaatregels om it learen en/of brûken fan it Frysk troch nije sprekkers te stimulearjen. De Afûk hat op basis fan de útkomsten in taalkampanje lansearre om nije sprekkers fan it Frysk te stimulearjen meer Frysk prate te bliuwen yn kontakt mei Friezen en om Fryskpraters te stimulearjen komplimintsjes te jaan oan de nije sprekkers fan it Frysk. Dêrmeist binne de útkomsten ferwurke yn lesmateriaal foar de nije kursisten fan de Afûk.

Ek binne der ferskate nije projekten opstart wêrûnder::

- It Erasmus + projekt **Read with MEE:** Ein desimber 2023 sette it Mercator European Research Centre / Fryske Akademy útein mei in nij projekt: Read with Multilingual Early Education. Read with MEE wol wichtige lês- en skriuwfeardichheden en ûnderwiiskânsen foar jonge meartalige bern (2 -6 jier) befoarderje, benammen foar bern dy ‘t ta in nasjonale, regionale, migranten hearre. It sil de yntegraasje fan harren taalfeardichheden yn Early Childhood Education and Care (ECEC) befoarderje.

- **Wapens en wapentrissing yn Frisia:** Dit ûndersyk wurdt útfierd troch meiwurkers fan de Fryske Akademy in gearwurking mei konservator Middeleeuwen en Terpencultuur fan it Fries Museum. Hja hat foar dizze stûdzje in Museumbeurs takend kriegen.
- De **Taalsurvey:** Yn it ympulsprojekt Taalsurvey sille wy de fragen fan it grutte Taalsurvey (Taal yn Fryslân en syn opvolgers: Gorter et al., 1984; Gorter & Jonkman, 1995; Klinkenberg et al., 2018) yn oanpaste foarm werhelje mei in online survey by it fan Planbureau Fryslân om te sjen oft dit in gaadlike manier fan ûndersykjen is foar dit type survey. Yn dy Taalsurvey wurde fjouwer ûnderdielen ûndersocht: taalbehearsking, taalhâlding (taalattitude), taalgedrach en taalgebrûk. It ûnderdiel taalhâlding/-attitude is sùnt de tachtiger jierren fan de foarige iuw suver itselde bleaun, wylst it ûndersyksfjild op it mèd fan taalattitudes de ôfrûne desennia in grutte úntwikkeling trochmakke hat. Dit ûnderdiel sil dan yn it projekt Taalsurvey by de tiid brocht wurde.
- Promoasje 'Resilience of Frisian': In de twadde helte fan 2023 is in nij promoasjeprojekt yn gearwurking mei de Universiteit van Amsterdam fan start gong.
- Fierders wurdt de Fryske Akademy en de wittenskippers fan de Fryske Akademy en Mercator wurde geregeld frege foar reviews foar ynternasjonale wittenskiplike tydskriften en foar (online) diskusjepanels of lêzingen.

Begelieding promovandi, studinten en stazjêres

Meiwurkers fan de Fryske Akademy begeliede geregeld promoasjetrajetten fan Ph.D-studinten, dy't net warkje by de Fryske Akademy. Mei oare wurden, ús ûndersikers binne(ko-)promotoaren fan (bûten-)promovendy oan universiteiten yn binnen- en bûtenlân. Sa is yn 2023 úteinset mei it begelieden fan in promoasjetrajet rûnom Fryske spraaktechnology by de RUG yn 'e mande mei de Campus Fryslân, en is yn 2023 in suksesfolle promoasje ôfrûne op it mèd fan Aldfrysk rjocht yn gearwurking mei de Vrije Universiteit Amsterdam.

Yn septimber is ús leksikograaf André Looijenga úteinset mei syn promoasje-ûndersyk ûnder de wurktitel: *Early modern Occitan and Low German as non-dominant written languages: a comparative historical sociolinguistic study on literate multilingualism and minority language attitudes (ca. 1550 -1700)*. Yn dit ûndersyk besjocht Looijenga it ier-moderne Frysk yn ferliking mei oare 'lytsere' Europeeske talen en yn syn histoaryske meartalige kontekst. It projekt fynt plak yn gearwurking mei de UvA, en wurdt begelaat troch Arjen Versloot (UvA) en Simon Halink (Fryske Akademy). Hjirmei is ek it twadde promoasjeplak mei it tema 'Resilience of Frisian' (de earste begûn yn 2022), úntwikkele yn gearwurking mei de UvA, ynofolle.

Mei yngong fan Looijenga's promoasjetrajet besikt de Fryske Akademy oer trije 'in house' promovendy, njonken trije tinnende promoasjetrajetten bûten de Akademy dêr't ús wittenskippers by belutsen binne. Mei it each op de takomst stribbet de Akademy dernei om altyd fiif promovendy 'in house' te begelieden, tematysk ferspraat oer de ûnderskate flagships lykas beneamde yn de nije ûndersyksaginda.

Der hawwe yn totaal 4 studinten staazjerûn by it Mercator Kenniscentrum en/of hawwe dêr harren skripsje-ûndersyk útfierd. De studinten komme fan ferskate universiteiten út binnen- en bûtenlân.

Nominaasjes en prizen

Dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm, direkteur-bestjoerder en ûndersiker by de Fryske Akademy, hat ien fan de tsien KNAW Early Career Partnerships (ECP) takend kriegen. Mei dit KNAW Early Career Partnership kinne ûndersikers innovative ideeën of metoaden foar ûndersyk ferkenne. Hja krije hjiroar in bedrach fan € 10.000 takend, om in ynterdissiplinêre gearkomste te organisearjen. IJssennagger-van der Pluijm üntfong dit bedrach foar it foarstel mei de titel: *Coastal wilderness and cultural landscape? Repositioning coastal and tidal areas as a cross-disciplinary research topic*. Oer dit ûnderwerp sil yn maart 2024 in ynterdissiplinêr symposium plakfine op Skylge.

Dr. Alex Kerkhof fan de Fryske Akademy hat yn 2023 de Wittenskipspriis Campus Fryslân wûn. Kerkhof die ynterdissiplinêr ûndersyk nei it ferdwinen fan it 'Frysk' út Seelân en Hollân yn de betide en hege midsiuwen. As histoarysk taalkundige en histoarikus mei kennis fan geografy en plaknammekunde sjocht Alex Kerkhof oer tema's hinne en ferbynt dy op ynspirearjende wize. Ut namme fan de gemeente Ljouwert rikte wethâlder Nathalie Kramers op 14 juny yn it stedhûs fan Ljouwert de Wittenskipspriis út. De wittenskipspriis beslacht in jildpriis fan 10.000 euro, wêrfan 6.000 ornearre is foar de 1e priis, 3.000 foar de 2e priis en 1.000 foar de 3e priis. Mei de wittenskipspriis wol RUG/Campus Fryslân wittenskiplik ûndersykstalint stimulearje en beleanje.

Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer

Binnen it Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer hawwe it kearntiim besteande út foarsitter prof. Dr. Folkert Kuiken en vice-foarsitter dr. Nelleke IJssennagger- van der Pluijm tegearre mei de belutsen Fryske kennis- en mienskiplike

ynstellings bûgd oer de ûntwikkeling fan in mienskiplike ûndersyksaginda Fryske Taal en Kultuer. Dat hat der yn resultearre dat yn febrewaris 2023 de Provinsjale Steaten it advys foar trochhûntwikkeljen fan de kennisaginda unanym oernommen hat.

Gearwurking mei kennsynstituten en mienskiplike organisaasjes yn Fryslân

De Fryske Akademy wurket yn ferskate projekten mei alle Fryske kennsynstituten en mei ferskate maatskiplike organisaasjes gear, sjoch ek de beskriuwing fan de projekten. Hjirunder wurde mar in pear fan dizze gearwurkingen oanhelle. Yn 2023 is úteinset mei it projekt de ‘taalsurvey’ in gearwurking mei it **Planburo Fryslân**. Dérneist binne der nijje gearwurkingsprojekten opset mei it **Fries Museum** oangeande it tema ‘Redbad’, dat de takenning fan in NWO museumbeurs dêr’t de Fryske Akademy ek as adviseur yn belutsen is by it projekt, de gearwurking noch in ekstra ympuls jûn hat. Dérneist wurde de bannen ek ynternasjonaal wer sterk oanhelle, wêrunder mei de **Universiteit fan Manchester**, dêr’t de Fryske Akademy yn partisipearret yn in subsydzjeoanfraach (yn ôfwachting fan goedkarring), mar ek tichter by de Fryske grins is de gearwurking mei Dûtske kennsynstellings fersterke. Tink oan it **Ostfriesische Landschaft** yn Aurich ek op ‘themas’ lykas it Ald Fryske.

Dy gearwurking tusken kennsynstituten en maatskiplike ynstellings komt om yn ‘e kunde te kommen ta goede.

Dérneist rint der mei RyksUniversiteit Grins in gearwurkingstrajekt op it mêd fan de Frisistyk.

2.3. Finansjele ûntwikkeling

It boekjier 2023 is útkaam op in posityf eksplotaasje-resultaat fan € 229.658. Yn de begrutting hâlden we noch rekken mei in ferlies fan € 19.396, sa dat it eksplotaasjesaldo úteinlik € 249.054 heger útfallen is. Mei de 3e fearnsjier-rapportaazje waard it resultaat prognostiseарre op in posityf resultaat fan € 90.000.

	Realisaasje	Begrutting	Ofwiking
Baten	3.992.739	3.950.023	42.716
Lêsten, inklusyf finansjele baten/lêsten	3.763.081	3.969.419	-206.338
Eksplotaasjesresultaat	229.658	-19.396	249.054

2.3.1 Analyse ofwikingen tusken realisaasje en begrutting

Baten

De totale baten binne € 42.716 heger as it budzjet. Dat is te splitsen yn, € 53.900 hegere lumpsumbydrage as gefolch fan lean - en priiskompensaasje (1,85%), legere projektopbringsten € 53.420 en € 42.237 mear aan oare opbringsten. De legere projektopbringst wurdt feroarsake troch de fertraging by it ynfolgen fan de fakatuères dy’t ûntstien binne troch it fuortgean fan personiel. Der binne yn 2023 8 ûndersyks-oanfragen yntsjinne en noch 5 yn de tariedende faze.

Lêsten

De totale lêsten binne € 206.338 leger as begrutte. Dat komt benammen troch dat € 224.152 ten lêste fan de earder foarme ONFW-foarsjenning kommen is. De materiele kosten binne € 150.372 leger útfallen en de finansjele lêsten binne € 3.281 leger as ferwachte. De legere materiele kosten wurde feroarsake troch de frijfal fan de ONFW-foarsjenning dy’t yn eardere jierren foarme is. Dérneist binne der hegere materiele projektkosten, hegere enerzyjkosten, kosten yn ferbân mei it 85-jierrich jubileum en de fernijjing hûsstyl en de ûntwikkeling fan in nije website.

De oarsaak fan de legere personielskosten is de krappe arbeidsmerke, wertroch it ynfollen fan fakatuères langer duorret dan winslik is. De post ‘inhuur personeel’ is heger as begrutte, benammen troch ekstra yn hier ICT fanwege in beveiligingsprojekt fan de KNAW, ekstra ynset op de ONFW redaksje en yn hier foar de útfiering fan ferskate ûndersyksprojekten.

Materiële kosten	Realisaasje 2023	Begrutting boekjier 2023	Ferskil	
			realisaasje – begrutting	€
Ofskriuwingen	53.415	49.681		3.734
Hûsfestingskosten	171.391	154.628		16.763
Behearskosten	198.312	74.600		123.712

Kosten ynventaris en apparatuer	101.849	51.169	50.680
Reis- en verblieuwkosten	178.047	93.000	85.047
Advieskosten	52.643	54.375	-1.732
Ferskate kosten aan tredden	43.606	57.200	-13.594
Ferskate materiële kosten	-219.982	195.000	-414.982
Totale materiële kosten	579.281	729.653	-150.372

De totale materiële kosten binne € 150.372 leger útfallen. De ôfskriuwingen binne justjes heger as begrutte troch in ynvestearring yn in roomsysteem yn 2 fergaderromten, sadat op in profesjonele wize online fergadere wurde kin. De húsfestingskosten, en dan benammen de enerzjykosten binne by it opstellen fan de begrutting te leech ynskatten. De enerzjytariven binne troch de geopolitike situaasje bot omheech gien. Dat waard fersterke troch de twongen beëiniging fan it Gazprom enerzjykontrakt. Ein 2023 binne wy troch de Ryksoerheid diels kompensearre foar de hegere tariven, foar in bedrach fan € 36.876. Nettsjinstande dy kompensaasje binne de enerzjykosten yn fergeliking mei 2022 €15.500 omheech gien. Projektaktiviteiten binne faak dreech te begrutsjen. Hjirtroch kin dan op in spesifieke post te folle útjûn wurde, mar tagelik betsjut dit dan ek wer hegere projektopbringsten. Per saldo hawwe dizze oerskriedingen dan ek gjin negatyf effekt op it resultaat. It restant fan de yn eardere jierren foarne foarsjenning foar it Online Nederlânsk-Frysk wurdboek, € 224.152, is vrijfallen ten geunste fan ‘ferskate materiele kosten’.

De behearskosten binne € 123.712 heger dan begrutte. Dy oerskrieding bestiet foar € 73.866 út projektkosten. De rest fan de oerskriedingen besteane út kosten foar de úntwikkeling fan de nije website, de website frisistyk, kosten yn ferbân mei it 85 - jierrich besteau fan de Fryske Akademy en printwurk fan de nije ûndersyksaginda.

De kosten foar ynventaris en apparatuur binne € 50.680 heger dan begrutte. Foarnaamste oarsaak is dat de kosten foar it projekt spraakwerkenner híjnder ferantwurde binne. Dizze kosten wurde út projektfinsiering dutsen.

De reis en ferblieuwkosten binne € 85.047 heger. Dit giet foar it grutste part om reis- en ferblieuwkosten foar de 7 meiwurkers dy't mei-elkoar moannen foar it Coling-project yn Ytaalje en Letlân wurke hawwe.

De advyskosten binne hast gelyk oan de begrutting. Op dizze post binne de kosten ferantwurde fan it meiwurkers tefredenheid ûndersyk, advyskosten yn ferbân mei de strategyske personielsplanning en advyskosten foar tarieding fan de fisitaasje.

De post ‘ferskate kosten aan tredden’ is leger dan de begrutting, as gefolch fan legere bydragen learstuollen en bydragen oan universiteiten. De begrutte ‘ferskate materiele kosten’ binne projektkosten, dy't by de ferantwurding ûnder de earderneamde posten telâne kommen binne en de boeking fan de ONFW-foarsjenning.

2.3.2 Risikoparagraaf

Grut ûnderhâld gebouwen

Sûnt begin jierren 2000 bedraacht it jierliks budzjet foar ûnderhâld gebouwen € 40.000. Dit bedrach wurdt beskikbersteld troch de Ryksoerheid en provinsje Fryslân en is yn nau oerlis mei de Fryske Akademy yn behear by de ôfdieling ûnreptlikguod fan de KNAW. Ut dit budzjet wurde ûnderhâldskontrakten fan ynstallaazjes, NEN keuringen, Momunmintewacht ynspeksjeronporten, skilderwurk en ferskillende reparasjes betelle. Troch priisûntwikkelingen is dit budzjet foar regulier net langer tarikkend. Dan binne takomstige ferfangings-ynvestearringen noch net meirekkene.

Yn gearwurking mei de ôfdieling ûnreptlikguod fan de KNAW wurdt wurke oan de aktualisearring fan it mearjierre ûnderhâldsplan (MJOP). Mei dizze ûnderbouwing sil besocht wurde it jierlikse budzjet oan te passen.

Foar takomstige ferfanging fan ynstallaazjes – ú. o. ferwarming- en wtw units, sinneskerm, elektryske ynstallaasje, liften, ynbraak alarmering, brânmeldsintrale enfsh- sil út de jierlikse middelen in bestinningsreserve foarne wurde.

Yn 2020 is nei it werstel fan de fochtskea en gemyske bestriding fan swamfoarming yn de kap fan It Aljemint in bestinningsreserve foarne foar mooglike ferfolchskea. Sûnt dy tiid hat út periodike mijtingen blyken dien dat de situaasje stabyl en únder kontôle is.

Prijsûntwikkelingen en yndeksearring

De geopolitike spanningen yn ‘e wrâld soargje foar de nedige ûnwissigheden op ferskate flakken. Yn kombinaasje mei klimaatferoaring en de enerzjytransysje hat dit effekt op de ekonomyske foarûtsichten. Wanear ek takomstige de

prijsstigingen net folstein kompensearre wurde sil dit op den doer liede ta in lytsere formaasje. Om dit foar te wêzen wurdt socht nei manieren om de ynkosten te ferheegjen en de structurele kosten te ferleegjen.

Konkurrinsje by út it binnenheljen fan ekstern finansearre undersyksopdrachten

It slagingspersintaasje fan kompetative subsydzjeprogramma's is leech. Somtiden tusken de 5 en 20%. De wurdruk foar undersikers is heech. Yn 'e mande mei ferskate fan ús gearwurkingspartners foarmje we konsortia om de kâns fan slagjen te fergrutsjen.

2.4. Finansjele kengetallen

Dizze kengetallen jouwe ynsjoch yn de ûntwikkelingen fan de balânsferhâlding.

Solvabiliteit

De solvabiliteit is de ferhâlding tusken it eigen fermogen en it frjemd fermogen. It jout ynsjoch yn de finansieringsopbou en yn hoefer 't de Fryske Akademy op langere termyn aan syn ferplichtingen foldwaan kin.

Dit is in wichtige yndikator foar de kontinuïteit fan in organisaasje

	31-12-2023	31-12-2022
Eigen fermogen	1.371.547	1.141.890
Totaal fermogen	3.358.899	3.211.867
Solvabiliteit	40,9%	35,6%

De solvabiliteit is as gefolch fan it positive eksplaataasjeresultaat ferbettere.

De ûndergrins fan 'e solvabiliteit is, neffens de kommisje Don (Finansjeel belied fan ûnderwiisinstellings, septimber 2009), 20%. De Fryske Akademy foldocht oan dizze noarm.

Rentabiliteit

Rentabiliteit is de ferhâlding tusken it ynkomen (winst) en it fermogen wêr dit ynkomen mei fertsinne is. De rentabiliteit is in wichtige mijstêf foar beslissingskalkulaasjes op 'e lange termyn.

	31-12-2023	31-12-2022
Eksplaataasjeresultaat	229.658	99.969
Totaal fermogen	3.358.899	3.211.867
Rentabiliteit	6,8%	3,1%

Rentabiliteit fan de gewoane bedriuwsfiering is definiearre as it eksplaataasjeresultaat út bedriuwsfiering dield troch it fermogen. De KNAW noarm giet út fan in ferhâlding tusken de -3% en 3%. As de rintabiliteit oer meardere jierren leger útkomt as -3% dan is de finansjele bedriuwsfiering nei alle gedachten net op oarder en omgekeard by in mearjierige rentabiliteit boppe de 3% is der sprake fan ûnderbesteging.

Likwiditeit

De likwiditeit jout oan hoe goed de Fryske Akademy op koarte termyn yn steat is om oan har finansjele ferplichtingen te foldwaan. It giet om finansjele ferplichtingen dy't binnen in jier op te easkjen binne. De likwiditeit wurdt bepaald troch de flottende aktiva te dielen troch de koartrinnende skulden.

	31-12-2023	31-12-2022
Likwide middelen	1.570.381	1.336.678
Foarderingen	40.061	101.084

Flottende aktiva	1.610.442	1.437.762
Koartrinnende skulden	1.456.068	1.501.993

Ferhâlding flottende aktiva/ koartrinnende schulden 1,1 1,0

De kommisje Don hantearret as ûndergrins 0,5 en as boppegrins 1,5. De Fryske Akademy sit binnen dizze noarm. Dit betsjut dat de likwiditeitsposysje ultimo 2023 foldwaande is.

Wjerstânfermogen

It wjerstânfermogen jout it fermogen oan fan de Fryske Akademy om finansjele risiko's op te fangen. It jout feitlik oan hoe lang oft de Fryske Akademy fuortbestean kin op de reserves as ynkomsten útbliuwe. It wjerstânsfermogen wirdt útdrukt yn it eigen fermogen (frije reserves) as persintaazje fan de totale baten út gewoane bedriuwsútoefening.

	31-12-2023	31-12-2022
Eigen fermogen	1.371.548	1.141.890
Bestimde/beklemde reserves	197.941	156.293
Wjerstânfermogen/ frije reserves	<u>1.173.607</u>	<u>985.596</u>
Baten normale bedriuwsfiering	3.992.739	3.827.742
Wjerstânfermogen	29,4%	25,8%

De KNAW hantearret as bufferfunksje foar it eigen fermogen in persintaazje fan 10 -15% fan 'e jieromset.

NB. By de bepaling fan it wjerstânsfermogen is gjin rekken holden mei de fermogensposysje fan it Frysk Akademyfûns

2.5. Foariitsichten 2024

Yn 2024 sil der in soad omtinken wêze foar tema's as strategyske personielsplanning, treningen op it mêd fan sosjale feiligers, it ymplementerjen fan de nije struktuer fan funksjonel liedingjaan mar ek foar it MJOP fan de gebouwen. Oant en mei de Akademy dei sil der ek foaral in soad omtinken wêze foar it 85 jierrich bestean fan de Akademy. Mei weromkommende tema's sil op aktive wize prebearre wurde mear ûnder de oandacht fan it publyk te kommen en de Akademy del te setten as IT wittenskiplik ynstitút fan Fryslân. Dit mei it yn jannewaris 2024 útkommen en presintearre rapport fan de KNAW oer de takomst fan de Frisistyk, sil der dit kommend jier entusjast wurke wurde aan de opnommen takomstige doelstellings foar de Fryske taal en kultuer. Mei de kearnwaarden yn gedachten kin der folop wurke wurde aan de besteande misje en fyzje fan de Fryske Akademy.

Ljouwert, 28 maaie 2024
 Stifting Fryske Akademy

Dr. N.L. IJssennagger- van der Pluijm,
 Directeur-bestjoerder

3. Ferslach Rie fan Tafersjoch

